

MOASJE

Wurklistpunt: 11. Moasje frjemd oan de oarder fan de dei

Underwerp: Tydlike wenfoarsjenning op eigen hiem

De ried fan de gemeente Achtkarspelen byinoar op 27 febrewaris 2025

Sprekt út:

Om it mooglik te meitsjen om tydlik op it eigen hiem in wenunit te pleatsen, dêr wêr't der romte foar is.

Fersiket it kolleezje:

Op koarte termyn dêrta de rânebetingsten op te stellen en oan de ried ta fêststelling foar te lizzen.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Taljochting:

- Yn ús gemeente is al jierren in tekoart oan hierwennings en dêrtroch binne der lange wachttiden foardat jo yn oanmerking komme foar in hierwente.
- Der is te min aanbod oan goedkeapere keapwenten, mei de lêste tiid ek noch ris heech oprinnende keapprizen.
- Der is in grut tekoart oan boukavels by ús yn de gemeente.
- In soad jongeren geane tsjin harren sin fuort út ús gemeente troch in tekoart oan foar harren passende wenten.
- It oanpaste wetsútstel 'Versterking regie volkshuisvesting' fan minister Keijzer makket it mooglik om in famyljewenning te pleatsen foar bern dy't gjin betelbere wenning fine kinne.
- De ferwachting is dat we mei de mooglikheid fan tydlike wenten foar de jongerein passende wenromte beskikber stelle en wy har by ús in de gemeente hâlde kinne.
- Sa goed as it mooglik is om sawol mantelsoarch- as pré-mantelsoarchwenten te realisearjen op eigen hiem, moat it dochs ek mooglik wêze om foar ús jongerein tydlik in wenunit te pleatsen op it eigen hiem.

Wopke Veenstra, FNP-Achtarspelen

Jeffrey Graansma, PVV-Achtarspelen

Klaas Sietse van der Wal, CU-Achtarspelen

Edwin de Vries, zelfstandig raadslid

Voor: CU, FNP, GBA, GroenLinks, PvdA, PVV, raadslid Van Dijk en raadslid De Vries (15)

Tegen: CDA (6)

De motie is **aangenomen**